



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket en as Er ferhalen fertelt.

It foarbyld fan it sied

Lukas 8,4-15

“Sille we no hast?”

Sara hie al in skoft stien te wachtsjen. Mem moast earst noch wat guod opromje. Se sei tsjin Sara: “Gean do al mar nei bûten ta. Ik kom deroan.”

Mar it duorre s-a-l-a-n-g...

“Alle minken binne al foarby”, mompele Sara yn harsels. “Aanst komme we ek noch te let.”

Gelokkich, dêr kaam mem oan. “Flink trochrinne, we binne let”, sei se hastich.

Der stie al in grutte rûnte fan minsken om Jezus hinne. Sara en mem moasten no wol efter oanslute.

“Ssst... Hy is al begûn”, flústere in frou harren ta.

Dêr wie ’t al sa. Wêrom koe mem no nea ris oanmeitsje!

“It giet oer in boer”, flústere de frou noch gau.

Mem tilde Sara op it muorke. Sa koe se Jezus goed sjen.

Jezus fertelde:

“In boer gie it lân yn. Foar him hold er in kuorfol sied. Mei in hânfol fan dat sied makke er in sierlike swaai. In wale fan siedsjes foel yn ’e grûn. Hy glimke en tocht: oer in skoftke sil it sied opkomme. Hy koe hast net wachtsje.

Mar net alle sied kaam goed te plak. Der wiene siedsjes dy’t tichteby it paad foelen en troch de minsken fertrape waarden. Of der kamen fûgels dy’t de siedkerrels oppikten.

Oar sied kaam yn in tin laachje ierde telâne. Want flak dêrûnder wie it rotsich. Doe't it sied opkaam, like it efkes hiel moai. Mar al gau ferdrûgen de plantsjes, trochdat de woartels gjin wetter krigen. De rotsen wiene hurd en drûch.

In oar part fan it sied bedarre tusken de stikels. Tagelyk mei it sied kamen der ek stikels op. En dy waarden de baas op it fjild. De jonge plantsjes smoarden.

Gelokkich foel der ek in soad sied yn goede ierde. It groeide en bloeide dat it in lust wie. De boer wie der grutsk op. Hy tocht: wat in wûnder en dat fan sokke lytse siedsjes.

Doe wachte Jezus efkes mei fertellen. Hy seach om him hinne en sei, sadat elkenien it hearre koe: "Tink hjir mar ris goed oer nei!"

Ien fan Jezus' learlingen luts oan 'e skouders. Hy hie it ferhaal net goed begrepen. Wat skrutten kaam er oerein en sei: "In moai ferhaal, mar wat bedoele Jo mei dat sied?" "Harkje, dan sil ik it jim útlizze", sei Jezus.

"It sied is it Wurd fan God. Elkenien mei nei de wurden fan God harkje. Mar der binne minsken dy't de wurden wol hearre, mar der net *echt* nei harkje. Se tinke allinne mar oan harsels: oan moaie klean, oan lekker iten of oan jild. En dêr reitsje se fan yn 'e war. Dat is it sied dat tusken de stikels telâne kommen is.

Gelokkich binne der ek minsken dy't wol *echt* nei de wurden fan God harkje. Dat is it sied dat yn goede ierde falt. Dat sied groeit en bloeit dat it in lust is."

Mem suchte en sei: "Wat hat Jezus *dat* moai útlein!"

De frou njonken harren flústere: "In knap ferhaal, hear!"

Sara seach nei de minsken om Jezus hinne en tocht: it liket hjir wol in tún mei bloeiende sinneblommen. Dan is Jezus de túnman.